

WYCKEL EN SLEAT 19 maart 1989

PSALM 116

MARKUS 14,17-31

tekst: MARKUS 14,26: "Mei't se de lofsang songen
hiene, gongen se nei de Oliveberch."

Gemeente fan ús Hear Jezus Kristus,

It is in goede gewoante yn ús tajerken om yn de tiid foar Peaske yn de Lijdenstiid, gjin lofsangen oan te heffen. De fiertig dagen foar Peaske is altyd in tiid fan stimmichheid en beskâdenheid. En der bin ferskillende redenen foar.

Yn it foartste plak seit de namme ús al iets: Lijdenstiid. De wei fan Jezus nei Jeruzalem is in lijdenswei. Yn e regel wird dy wei fan Jezus nei Jeruzalem ôfskildere as in wei omheech. Wy geane op nei Jeruzalem, wurd er dan sein. Jeruzalem is heecher, want God is heecher, en yn Jeruzalem binnen we dan in bytsje tichter by God. Ma foar Jezus hat dizze wei in delgong west, nei de tsjusternis fan Goed Freed. Foar Jezus betsjut Jeruzalem: Dea.

Intwadde reden, dat wy yn dizze tiid gjin lofsangen oanheffe is dizze. De lijdensstiid is foar de tsjerke in oegriislik moeilijke tiid omdat neist alle heechte verwachtingen krekt yn dizze tiid it ferried yn it ljocht stiet. Jezus waard ferrieden troch ien fan syn eigen neifolchres. Want Judas wie tsjin de ferleiding fan it grutte jild net opwûksen en hy slepet Jezus yn hannen fan sleuwa ambtenaren en twadderangs theologen. En wy, as neifolchers fan Jezus wurde by dit ferried oerfallen troch skamte. Skamte, dat in sa Godvruchtig minske ynstee is to' heechferried. En dizze skamte bint ús de mûle, sadat wy gjin lofsangen mear sjonge.

In tredde en lêste reden werom at it HALLELUJA ferstomt. De ferhalen dy't ús yn dizze tiid fertelt wurde confronteare ús mei de selfkant fan de maatskippij. Ferhalen oer tollenaars en swalkers, oer blinde en sike en verminkte minsken, ferhalen oer opstandiche jongeren en ûnferantwurdeklike âlden, ferhalen oer de misere fan it arbeidersfolk, Koartút: Ferhalen dy't ús confrontere mei minsken dy't oan de râne fan de samenleving ferkeere, en dy't der probearre de holle boppe wetter te hâlden.

Der past gjin lofsang. It soe al te ûnfertsoenlik wêze om hún misere oerstemme te wollen mei ús loflieten. Hjir past allinich mar solidariteit, gjin lofsangen, dat soe alt e arrogant wêze.

It joadske folk hat altyd lofsangen in speciaal plakje joun. Meist it offerjen en út op ferheechde toan foarlêzen fan de wurden fan de TORAH yn de timpel is it foaral de lofsang, dy't de veugden en angsten fan minsken opdraache kin by God.

By gelegenheid fan it grutte ierlikse Pesach-feest, de Israëlieten betinke dan de rêdding út Egypte, by gelegenheid fan dat feest sjonge de joaden de HALLEL-psalmen. Dat binnen de psalmen 113 tot en mei 118. Het binne echte loflieten. Mar we hwawwe fane moarn heare kinnen dat ek by Israel lieten út need geboren wurde. Wy haw dat heare kinnen yn Psalm 116. It is net allinich mar HALLELUJA want hieltiid wer wurde minsken oantrunt om hun Godferlittenheid ûnder wurden te bringen yn in liet.

Wy sjonge ek altyd wer lieten út need geboren. Want al ús moaie hûzen en glânsjende autoos is allinich mar moaiskyn. It bedobbet allinich mar de grutte need fan ús eigen libben. Us bestean wurd ûntheistere troch twaspalt, jaloersheid en iensumheid, siikte en dea. Fanút de djipste fan ús ellinde sjonge wy lieten út need geboren.

Wy hawwe fremoarn lêzen Psalm 116. Een psalm dy't foaral de angst foar de dea ûnder wurden bringt.

"Bannen fan e dea wienen om my hinne spanst,
de angst foar it deaderyk fleach my oan,
yn druk en drôvens kaam ik suver om!"

It stiet er mei dizze minsk net sa bêst foar.

It libben net mear oankinne út angst foar de dea, dan bliuwt in minsk net folle oar. Weinig oanlieding om lofsangen oan te heffen.

Mar dan giet de psalm fierder.

"mar ik rôp de Hearre by de namme:

Och, Hearre, Rêd myn libben!"

Blykber fynt de psalmist in wei nei God.

Ik stean der alle dagen wer ferbaast fan te sjen, dat minsken, dy't libje moatte yn de meast erbarmeljk oerstannigheden, dat dy in wei fine om hun angsten en soargen by God to bringen.

Ja, de psalmist fan psalm 116 slachet der sels yn om fanút de angst foar de dea op te klimmen tot in lofliet foar de Heare.

"Ik betelje de Heare myn geloften
en dat foar it eeg fan it hiele folk,
yn e foarhoven fan it hûs fan e Heare,
yn dyn fermidden, Jeruzalem. HALLELUJA."

Der is nogal wat moed foar needich om midden yn de liidenstiid ~~Ne~~ it HALLELUJA klinke te litten.

Hiele lapen fan it âlde Testament binne der tsjûge fan dat de loflieten foar Israel it asfalt op de wei nei Jeruzalem is. Loflieten lizze as palmen op de strjitten fan Jeruzalem. Loflieten meitsje da wy as minsken God berikke kinne, want yn wêzen is de wrâld te lyts om de lofsang op de God fan Himel en ierde becaate te kinnen.

Wy besykje dan misskien hieltiid mar wer om God op te slúten yn de foarhoven fan ús tempels, binnen de muorren fan ús tsjerken, mar ús wrâld is te lyts foar de lofsang, en krekt derom kin in lofsang tot yn e Himel rikke wer't wy de stim fan God opheine kinne, dyt seit: "Ik sil dyn libben rêde!"

No wurd it ek begryplik werom't joaden op sabbat oars et meie as bibelleze en sjonge. En krekt as de joaden sjonge wy alle sneinen wer in liet út need geboren.

Wy binne minsken yn de liidenstiid. En wy stelle fragen. Fragen nei it werom fan alle dingen.

Werom is der pine en siikte en dea, werom oorlogen, werom?? Wy sjonge net mear, mar wy stelle fragen. Wy hawwe gjin tiid mear om te sjongen, want it materialisme en ~~it e-economisch~~ (de economie) tinken hâlde ús fierstente folle dwaande. Wy binne tsjin de druk fan it grutte jild net opwûchsen.

Wy sjonge net mear, nee, wy stelle drêge fragen oan ús leave Hear, en alle sneinen wer wachtsje wy op antwurd út de Himel. Wy wolle sa graach de heilshistoarje stilsette om antwurd te krijen op all ús fragen. Mar sa werkt dat net.

De heilshistoarje is net stil te setten. Gebed en lofsang gjinne altyd troch. Ununderbrutsen giet de lofsang troch, want it is it wurk fan God. *dat is no krekt*

It is joun wurden en de dicipelen sitte mei Jezus oan de itenstafel, krekt lykas oare jounen. Samar yniemen nimt Jezus it wurd en kundiget oan dat ien fan de dicipelen, ien fan syn eigen neifolchers Him ferriede en útleverje sil.

En we sjoche de dicipelen fan kleur feroarjen, en se stampe mekoar oan en sizze: "Ik bin it doch net? Soe hy misskien... ?"

Midden yn dy verwarrende situaasje neemt de Heare Jezus ~~blê~~ brea en wyn en deelt se út, as in foarutsjoch op syn krúsdea. It brea is syn lichem en de wyn is it bloed fan it grutte Ferbûn.

Mar it is begryplik dat de dicipelen gjin sin mear hawwe oan iten. Hun eigen Hear sil ferrieden wurde en útlevere, en hy sil stjerre? Alle moed wurd de mannen untnommen.

Mar Jezus nimt ek no wer it initiatief en sa't se dat went binne mei it grutte Pesachfeest, begjint Jezus de lofsang te sjongen. En hy set yn mei de wurden fan Psalm 113 (de earste fan de HALLEL-psalmen) en sjongt:

"Halleluja. Loovje tsjinnens fan de Heare,
loovje de namme fan de Heare."

En de HALLEL-psalmen oerstemme it gekrimmenear en getysk fan de dicipelen, en al wiveljend begjinnen ek de dicipelen mei te sjongen.

"De Heare is myn krêft en myn liet,

Hy is myn rêder wurden, wat soe in minsk my dwaan?

Byn it feestoffer mei touwen oan 'e hoarnen fan it alter." *Se sungen se.*
Der is mar ien die't syn mûle ticht hâldt en dat is Judas, de ferrieder.
Mar de oaren sjonge út folle boarst de lofsang.

"Jo binne myn God en Jo wol ik tankje,
heech wol ik fan Jo opjaan. Tankje de Hear,
want Hy is goed, ivich dourret syn geunst."

En nei't se de lofsang songen hienen, gongen se nei de oliveberch. skriuwt Markus. ~~Mar~~ net samar in lofliet, mar in liet út need geboren, in liet dat sjongt oer angst foar de dea, in liet yn Getsemane, in liet yn de lijdensiid.

We meie de kracht fan ús loflieten net ûnderskatte, want de histoarje leert ús dat lofsangen muorren feroarje kinne yn pûnhulten!

Ik tink even oan de wurden fan Fedde Schurer:

"Ik sjong it wurd oer berch en dún, fan libben en bihâld en moarn dan romje wy it pûn en bouwe in nije wrâld!"

Troch loflieten sjongen te bliuwen meitsje wy de poarten fan Jeruzalem iepen, meitsje wy de doaren fan ús libben iepen. Ús loflieten binne de grûn der't Jezus oerhinne gear kin. Troch te sjongen romje wei it paad foar de Hear. En lit wy net ferjitte dat wy mei in liet it geraas oermachtigje, fan dy minsken dyt sizze: "Der is gjin God!"

In lofliet is ek hieltiid wer de toansetting fan ús eigen leaf en leed. En God heart dy toansetting, God herkent dy toanen, hy heart ús en hy ferheart ús.

Nog ien aspect moat neamt wurde by dit ferhaal út Markus. At wy nauwkeurig lêze dan leare wy fan Markus dat it tsjinoer-
gestelde fan de lofsang ~~de forsaking is~~ is: wa't Petrus seit: Ik ken dizze man net. De verloochening is krekt it tsjingestelde fan de lofsang.

"Jimme sille allegear stroffelje", seit Jezus. En Petrus reageert furieus en likk:"Al stroffelje se allegeare, ikke net. Al moat ik mei Jo stjerre, ik sil noait sizze dat ik Jo net ken!" En sa praten se allegear, skriuwt Markus.

Sa prate wy ek. Ek wy forsaeke de Hear troch te sizzen: Ik ken Jo net.

De tiid fan fjirtih dagen foar Peaske is in tiid fan stimmichheid. en beskeidenheid, want wy betinke de krúdea fan Jezus Kristus. Mar sels nou al mý/ meie wy ús fêstklampe oan Peaske, meie wy ús fêsthâlde oan de lofsang en op ferheechde toan meie wy sjonge: (PSALM) 117:"Loovje de Hear, alle folken,

ferheechje him, alle naties
want machtig is syn geunst oer ús
en de trou fan de Heare is foar ivich.
Halleluja.

AMEN

DANKGEBED EN VOORBEDEN

Hear, Heit yn 'e himel, wy tankje Jo dat der loflieten binne wer't wy ús oan fêst klampe kinne, loflieten, dy't al ús angsten en soargen nei Jo ta drage kinne, loflieten dy't ús optille út de ellinde fan dizze wrâld. Wy tankje Jo dat wy adem hawwe om te sjongen, dat wy in romte hawwe om ús gedachten te verklanken, dat wy as gemeente ús oan de lofsang fêsthâlde meie. Wy tankje Jo Heare foar it n'ie ljocht dat in âlde Psalm oer ús libben skynt. Wy tankje Jo Hear dat minsken moed helje kinne út loflieten, dat minsken op hun lijdenswei in paad fyne nei Jo ta.

Mar, Hear, it bliuwt in lijdenswei.

In wei fan teloarstellingen en fertriet, in wei fan stille pyne en sykte, in wei fan Godsfertsjustering. Foar sa'n soad minsken betsjut it libben oars neat as lijen.

Hear, wy bidde Jo út de groun fan ús hert: Lit ús net allinich. Mar wês mei Jo ûnei-ndige Ontferming by ús, at ús gedachten ús yn 'e war bringe, at wy it spoar fan it libben bjuster binne. X

Hear wy bidde Jo fanemoarn: Wês oanwêzich op plakken der't it libben ferskuord wurd troch jalouzie en twaspalt, der't relaasjes kapot brekke troch ûnbegrip en wangedrach. X

Wy bidde Jo Hear hâld jonge minsken fêst, dy't yn it tsjuster taeste nei de sin fan it libben. Jonge minsken steane foar allerhande drege krúspunten en witte net wa't se kieze moatte. Hear wol harren by de hân nimme en noait wer los litte! X

Wy bidde joek ek foar minsken dy't mei in leech plak libje moatte. Wy bidde foar âlde minsken, dy't de hinaudens foar de dea net ferdriuwe kinne. Hear wol harren dúdlik meitsje dat yn en nei dit libben altyd net libben mooglik is. X

Wy bidde Jo foar ús dúmny en syn gesin, dat se paden romje meie wer't wy as gemeente op fierder kinne.

Wy bidde Jo foar ús gemeente, dat er in gefoel fan mienskip en burgenheid wêze mei, dat er genôg liuwen is om klear te stean foar minsken dy't net mear fierder doarre. X

Help ús Hear om siken by te stean wer't dat needich is.

Wy bidde om genesing foar siken wer't dat mooglik is.

Wy bidde foar minsken der't wy net sûnder kinne.

Gjean Jo mei ús yn al ús dwaan en litten.

Sa bidde wy om Kristus wol, ^{AMEN} mei de wonden dy't Jesus eels ús laarde: